

jan. 1989.

TREFFER

DE

V.V. STIDS



KONTAKT-ORGAAN v.v. S.D.S.

Ook wij zitten niet stil...

U houdt niet van stilzitten. De Rabobank evenmin. Ook wij blijven het liefst volop in beweging. Om onze dienstverlening op peil te houden. En om het u nog makkelijker te maken. Zo heeft ieder een goede reden om actief bezig te zijn.



Rabobank 

Blijft actief.

42



Jeans koop je bij BERGSTRA
want dat zit pas goed !!!

Printwurk út Easterein is folslein

Made in Hongkong, Germany,
Japan en USA
wat fan fier komt is okee
mar jo printwurk is folslein
as it makke is yn Easterein



Fa. Van der Eems & Sn.
Easterein - Fryslân
Tel. 05159 - 1306


- woningbouw
- verbouw
- onderhoud
- ligboxenstallen
- bedrijfsgebouwen
- bouwmaterialen

voor inlichtingen of vrijblijvende
prijsopgave :


G. Gerlofsma, Oosterend (05159 - 2384)

burggraaff lollum

Bouwbedrijf Burggraaff BV
8823 SK Lollum, Kerkstraat 12
Telefoon 05174-9241



de treffer



It klupblêd fan de fuotbalferiening
S.D.S. út Easterein en fiere omkriten.

Jiergong 1989 nûmmer 1 Jannewaris

KOPY FOAR DE FOLGJENDE
TREFFER YNLEVERJE FOAR
6 MAART 1989 !!!!!!!!!

Redaksje: Hinke Kuiper 05159 - 2727
 Bauke de Boer 2555
 Marten Nauta 2386

Fan'e redaksje:

Earst wolle wy eltsenien in sûn en sportief jier tawinskje. Ek wolle wy eltsenien tanksizze dy't ús holpen ha yn 1988, û.o. troch it ynleverjen fan stikjes, it ynelkoar lizzen en it rûnbringen yn ferskate doarpen.

US TREFFELIK TANK DERFOAR!!!

Ek yn dizze treffer stiet wer in soad nijs, feestjûn, petear, de seal, jeugd, bestjoer en noch folle mear!

Sportfreonen,

jannewaris 1989

As ik dit skriuw is it alwer de 20ste fan'e maonne, de winterstop dêr sitte wy noch midden yn. Wat hjit winterstop, de temperaturen lizze heech en wy hoege de snelle izers noch net fan'e souder te heljen of it moast al wêze om nei 't Fean te gean. It oefenprogram kin útfierd wurde en de sealfuotbaltoernoaien foar de jeugd ha wy al hân. Sa ek ús eigen Cross. Wa der net wie hat wol wat mist!!!!

Op 4 febrewaris is it lêste sealtoernoai foar alle senioren. Dit wurdt fêst gesellich, dus doch mei en nim jim oare helte ris mei nei de sporthal.

En dan begjint oare moanne de kompetysje wer te draaien. As elts him der foar de 100% foar ynset, sil dat ek fêst slagje en sil S.D.S. goed út de bus komme. Alhoewol't ús altyd net mei sit, wat de oefenhoeken oanbelanget [it is wer in modderpoel], ha wy it folste fertrouwen yn jimme. Dat wy der op oan kinne hat ek bliken dien mei ús aksje foar de nije sportfjilden, al goed 50.000 gûne is ús tasein en it bestjoer fan'e stifting "Skoallegezinde" hat it dan ek wol oandard om it foar 60.000 te berekkenjen. Dat de nije fjilden komme der oan. It moat fansels noch wil troch de rie, mar ek dêr rekkenje wy op dat dat wol klear komt, 27 febrewaris riedsgearkomste. Belangryk!!!! As it slagget ha wy yn 1991 alles klear. It soe GEWELDICH wêze!!!!

It bestjoer soe graach foar it seizoen '89/'90 alwer in sechde alvetal yn'e kompetysje ha wolle, dat senioren as jimme ien witte dy't der oer prakkesearret om wer te begjinnen loek him dan efkes oer de streep, it moat kinne. De kontrakten mei de beide trainers geane gewoan troch sawol Okkema as Puite bliuwe noch in jier en fansels winskje wy harren súkses ta.

Sportfreonen, lit 1989 in sportief jier wurde foar S.D.S. en harren supporters.

Enno

**VOOR SPEELGOED
EN
LUXE ARTIKELEN**


GERST KUKEN BY....

**W. v.d. Velde
Wommels**

Tel.: 05169 - 1201

BESTJOER S.D.S.

Foarsitter	Enno Bruinsma	05159-- 2610
Skriuwer	Jan Rispens	2006
1e ponghâlder	Jelle Brouwer	2588
2e ponghâldster	Jellie Zijlstra	2636
Ledenadministraasje	Ellie v-d Meulen	1355
Foarsitter Jeugdkommisje	Tjeerd Dijkstra	1600
Foarsitster Trefferredaksje	Hinke Kuiper	2727
Wedstriidsekretaris	Keimpe Meijer	2278
Reklame	Gerlof Gerlofsma	2384
Kantine/sealfuotbal	Stoffel Bouma	1762
Fjilden	Hans Kooistra	1673



IS IT ADRES FERDARE AS WOLLE JIM NET MEAR
FUOTBALJE DAN DIT EFKE'S TROCHJAAN
(FOAR 1 JULI) DAN ELLY V/D MEULEN
MR. O. HIEMSTRASTRJITTE 5 WOMMELS

op papier!!!

SEALFUOTBAL

KOM ALLEGEAR-- 4 FEBREWARIS-- KOM ALLEGEAR !!!!!

Sneon 4 febrewaris is der foar de tredde en lêste kear
wer in sealfuotbal toernooi.

Alle senioren, froulje en de A's binne wolkom.


Omdat wy de froulje net allinne thús sitte litte wolle,
wurde hja ek útnoege om yn de sporthal te kommen.

Om hjir wat in feestlike jûn fan te meitsjen ha wy de
hear A van Leeuwen ynhierd om fanôf in oere as acht
wat musiek yn de kantine te fersoargjen.

It begiet om seis oere en it is foar alven wer dien.

It opjaan giet krekt as oars, wer fia de liederen en dan
troch jaan oan Stoffel as Hans Kooistra

Lit ús net smoare en kom allegear 4 febrewaris en doch mei.



VERSLAGEN

TIGE SLAGGE SEALFUOTBAL TOERNOOI

Noch nea yn de skiednis fan de toernooien yn de sporthal hiene safolle senioren harren opjoun op sneontejûn en soks docht de organisaasje tige goed.

Ek in rekord wie it oantal te winnen prizen want fan de acht ploegjes wiene der seis dy't mei in priis thúskamen, hoewol de measte prizen daliks boargemaster makke waard.

It is foar de organisaasje altyd in hiele toer mei de lotting want de ploegen moatte oaninoar weage wêze. Nei in protte fer-setterij wiene der efternei acht gelykese ploegen op papier.

Hja wiene oaninoar weage want fan de 16 partijen wiene der fiif gelyk en der wiene acht partijen wêr it ferskil mar ien goal wie. Der wie mar ien ploegje dy alle partijen ferlearen en dat wiene Ale Sixma en de rest en dat wie alhielendal net ferwachte want der sieten ek noch trije fan't twadde by. Topper yn't fleanen litte fan de ballen wie ek Ale want hy krige 15 ballen dy hy net keare koe.

De finale gie tusken de minst passearre keepers dy elk mar trije goals tsjin krigen, Klaas Kamstra en Jan Strikwerda. Ek yn dy topper koene de fuotballers der net ien yn krije. Doe draaide it út op strafskoppen en dêr wiene Klaas, Hindrik, Ferry, Phillipus en Marten te sterk yn.

Op it ein fan de jûn siet elk oan in droege woast as in stik taart en wa dat net hie siet wol oan wat út de keuken fan Titus dy alles wer dik ynoarder hie.

De Wrede meubelen
Joure
ONTDEK ONS MEUBELPARADIJS
DUIZENDEN M² TOONZALEN
E.A. BORGERSTRAAT 1
SERVICE KWALITEIT & DE LAAGSTE PRIJZEN

Postbus 166 - 8500 AD Joure - Tel. 05138-14777 - Fax 05138-17583

TYDELYK FABRIEKSWEI 11 WOMMELS TEL. 05159 - 2605 !!!!!

S.D.S. - Jeugdzaalvoetbaltoernooi

Het traditionele zaalvoetbaltoernooi voor alle jeugdleden van S.D.S. was deze keer voor het eerst opgesplitst in twee dagen, vanwege het gestegen aantal jeugdleden, nl. 135 totaal.

Op vrijdag 30 december 1988 werd om 9.00 uur gestart met de 2e jaars D-pupillen en de C-junioren. Deze groep werd opgedeeld in 6 ploegen en speelden onder de namen van de vijf noordelijke ere- en eerstedivisieverenigingen, met 1 bijvoeging van een club die tegen vorengenoemd niveau aanleund, namelijk S.D.S. Dat S.D.S. kwam, zag en overwon kwam volgens de voetbalcriteria door het feit dat een thuisspelende club een psychisch voordeel heeft. De S.D.S.-leden weten wel anders; het kwam gewoon door het betere spel. Na een halve competitie (5 wedstrijden per team) van 15 min. per wedstrijd werd de volgende eindstand genoteerd; waarvan de 1e twee ploegen een medaille kregen.

- | | | |
|---------------|--|------------|
| 1. S.D.S. | Robert Hoekstra, Lieuwe v/d Brug, Reitse Klijsma, Folkert Gorter, Mark Haster en Gerben Wiersma. | (8 punten) |
| 2. Emmen | Gert Jan Hiemstra, Sido Bakker, Martin Overal, Hendrikus van Beek, Henk Palsma, Bonne Eigenhuis. | (7 punten) |
| 3. Groningen | | (5 punten) |
| 4. Cambuur | | (5 punten) |
| 5. Heerenveen | | (4 punten) |
| 6. Veendam | | (1 punt) |

Om 13.30 uur werden de oudste jeugdleden, nl. de B- en A-junioren losgelaten. Hierbij zorgden ze voor veel spektakel, waar de opgehoopte energie door de kerstvakantie ten velde werd gebracht. De zeer ervaren scheids- en grensrechters (uit onze seniorenafdeling) hadden de nodige moeite ermee om de zaalvoetbalspelregels te hanteren zoals: geen lichamelijk contact e.d. Na dezelfde competitieopzet als bij de jeugd 's morgens, kwam de volgende eindstand uit de bus:

- | | | |
|---------------|--|-------------|
| 1. AJAX | Durk Okkema, Tamme Posthumus, Meye Wiersma, Durk Klijsma, Klaas Westra, Jan Simon Jelsma | (10 punten) |
| 2. Volendam | Rene Sieperda, Floris Hiemstra, Peter Sybesma, Ronnie Kroondijk, Jaap v/d Velde, Gerrit Hingst | (8 punten) |
| 3. Feyenoord | | (4 punten) |
| 4. P.S.V. | | (3 punten) |
| 5. Haarlem | | (3 punten) |
| 6. Fortuna S. | | (2 punten) |

P.S. de aanvoerder van het winnende team zei van tevoren al dat hij eh,eh, zijn team zou winnen! is dit wijsheid of geluk??

Om 18.00 uur 's avonds werd de voor de spelers en begeleiders moeizame eerste dag afgesloten. Leuk was het te constateren dat deze dag door veel ouders, belangstellenden, meisjes (bewonderaars) is bezocht en iedereen met een voldaan gevoel huiswaarts is gekeerd.

Op dinsdag 3 januari 1989 werd het toernooi voortgezet door de jongste jeugdleden, nl. de 1e jaars D-pupillen, E-pupillen en de F-pupillen. Er werd gestart om 13.00 uur met de 1e jaars D- en E-pupillen, bestaande uit 6 ploegen, waarbij een halve competitie werd gespeeld. Onder deskundig en geduldige begeleiding (scheids- en grensrechters) van Friso Albada en Auke, Durk en Ronnie Kroondijk [het vierde S.D.S.-lid, kees was zelf aan het voetballen] werd dit een onvergetelijk festijn. Tot de laatste wedstrijd bleef het zeer spannend, omdat drie ploegen op 8 wedstrijdpunten konden komen. Met zweet, beetje bloed en verborgen tranen kwam het tot de volgende eindstand, waarbij het doelsaldo besliste:

1. Italië Jan Boonstra, Richard Velzen, Rene Velzen, Binne Tuinstra, (8 pnt.)+14 Jeroen Wagenaar, Jeroen Hoek en Wouter Jorritsma.
2. Rusland Gerlof Bosgra, Hedzer Dragstra, Peter Jansen, Symen Bouma, (8 pnt.)+9 Ronnie Wagenaar en Bert Zonderland.
3. Nederland (8 pnt.)+6
4. Ierland (4 pnt.)
5. W.-Duitsland (2 pnt.)
6. Engeland (0 pnt.)

Tenslotte (last but not least) de jongste jeugdleden, nl. de F-pupillen. Hierbij waren 3 teams geformeerd, welke een halve competitie speelden. Positief was het te zien dat er onder de spelers zeer veel vreugde bij het voetballen aanwezig is en zelfs dat er op deze jonge leeftijd al spelers zijn die precies weten waar en hoe de bal gespeeld moet worden. Als vereniging, ouders e.d. kunnen wij hier nog veel plezier aan beleven. De wedstrijden van de F-pupillen werden gespeeld onder leiding van de bezielende leider, coach, trainer, 2e vader/moeder, KLAAS OVERAL. Dit toernooi werd dan ook succesvol afgesloten.

De eindstand: 1. Friesland 4 pnt. 2. Drenthe 1 pnt. 3. Utrecht 1 pnt.
 Bauke Auke Dijkstra
 Rinse Joustra
 Jentje Jorritsma
 Johan Hiemstra
 Luuk v. Ruiten
 Hendrik de Jong

Na elke beëindiging van de poules werden na wat horten en stoten (als toevallig de geluidspreker weer uitviel) alle jeugdspelers voorzien van een herinneringsvaantje en de ploegen die in de 1e 3 poules één en twee werden kregen een "gouden" en een "zilveren" medaille per speler. Bij de F-pupillen kregen de spelers van Friesland een "gouden" medaille. Langs deze weg wil ik nog iedereen bedanken (in totaal ±20 mensen) voor de voortreffelijke begeleiding, die ook dit onderlinge jeugdzaalvoetbaltoernooi weer tot een groot succes en een goed einde hebben gebracht.

Jeugdcommissie vv S.D.S.

Tjeerd Dijkstra

S.D.S.¹ SEALFUOTBAL

It wurd wer tiid foar in stikje, sealfuotballers, want der binne minsken dy harren ôf freegje hoe heech as hoe leech as jimme yn de kompetisje steane. No slacht dit grif net op in protte minsken, teminsten net fêste taskôgers want dy kinne wy op trije fingers telle. Tine, Jelle en faaks Oebele binne grif ús fêste supporters, dus sa as jimme lêze binne wy noch net earlik ree om in FAN KLUP op te rjochtsjen. Foar de minsken dy ús noch net kin, komt hjir noch ien kear ús opstelling: Yn de goal, (as hy der yn stiet, in goaltsje) hy hat in basis plak ôftwongen, stiet Tjerk Middes, dy noch mar 31 ballen fleane litten hat. In noflike keeper want hy krimmenearret nea as hy der sa'n seis fleane lit want hy seit altyd, as jimme der mar ien mear meitsje dan fyn ik dat wol bêst en sadwaande ha wy 39 goals makke. Yn de efterhoede steane de pilaren wêr Tjerk alhielendal op bouwd, Douwe Mûs, de lytste en de rapste fan it stel en nea benaud foar de tsjin-stanner al hoe grut hy ek is en dêr stiet ek Stoffel Toarst (hoe komme hja der op) wylst Tinus Jonge harren noch wol ris bystân jout. Yn de spits, lofts bûten stiet Tamme Punter mei Ype Kaffer dy de lêste tiid noch wol ris lêst hat fan stive knibbels. (is dat hokjen no wol sa goed ?) Us hingjende spits is de wol bekinde Piter Skeet, ek wol bekint as Piter Swengel omdat..... (skrost troch de redaksje) De coach is de bekinde Andries Druiff ek in man sûnder papieren en ien dy it goed yn de holle hat. It begie de earste wedstriden hast te goed want yn de earste wedstriid pakten wy daliks Wâldsein thús mei 7-1, VVI waard út 4-4 en dêrnei thús tsjin ONS 3-2 en doe in toppe út tsjin Warkum en dat waard mei sa'n 100 man op de tribune en mei ien blesearde wiksel-spiler. 1-2 Dêrnei kaam ús earste ferlies partij tsjin RES 5-2 De sweltsjes pakten wy yn in hiele spannende striid mei 4-3. It hoekje wûn mei 3-7 en Warkum wûn mei 6-3 en krekt foar de winter stop ha wy noch ien kear ús bêst dien en dat moast fan Tamme en doe ha wy foar Tamme VVI ynmakke mei 11-2. Wa ris mei wol te sjen as te neisitten is altyd wolkom. It lêste sponsor nijs is dat de Okkema's leanbedriuw it earste en de RABO it twadde sponsorje wol en dat binne goede berjochten en as hja der like folle wille oan ha as wy dan komt dat wol goed.

S.D.S. 2 sealfuotbal

Afgelopen herfst is er op initiatief van Pier Zijlstra een nieuwe zaalvoetbalploeg in het leven geroepen. De ploeg bestaat uit keeper Jan Rispens, Pier Zijlstra, Siepie Visser, Belle de Boer, Piet de Jong en Henk Okkema. Zoals gewoonlijk zijn we begonnen in de laagste klasse, de 4e.

Op 14 september reisden we voor het eerst af en wel naar Extador in Harlingen met gastspelers Tamme en Stoffel.

We kunnen rustig zeggen dat deze eerste wedstrijd wat meeviel. Het eerste half uur werden we zo'n beetje weggespeeld. Toen we met 3-1 achterstonden werden de tegenstanders wat te overmoedig en zetten de achterstand om in een 3-6 overwinning.

Doelpunten: Tamme 4x; Siepie en Jelle elk 1x.

De tweede wedstrijd werd, thuis, met 3-1 gewonnen van Blauw-wit 3
Doelpunten: Pier, Piet en Henk.

Vervolgens naar Leeuwarden om tegen Nijlan een nederlaag op te lopen. Deze jonge ploeg benutte nagenoeg alle kansen 6-4.

Doelpunten Henk 2x; Jan 1x; gastspeler Ids Boersma 1x.

Na drie weken rust alweer een tegenstander uit Leeuwarden, en namelijk Blauw-wit 9, deze ploeg, een van de zwakkeren, werd met 6-0 verslagen door doelpunten van Ids (5x) en Siepie (1x).

9-11 Extador bezorgde ons in Harlingen bijna de 2e nederlaag. Maar met 4 doelpunten van alweer, een gastspeler, Klaas Okkema, Siepie en Henk bleven we met 5-6 aan de goede kant.

16-11 Vandaag tegen het nog ongeslagen M.K.V. uit Leeuwarden. Dit werd de mooiste wedstrijd van de eerste competitiehelft. Een ware schot van Klaas in samenwerking met Guppie (tussen de beentjes) en een hoge score: 11-7, bracht het "koppige" publiek meerder keren in vervoering.

Doelpunten: Klaas 5x; Jelle 2x; Pier 2x; Stoffel en Pieter Veeje elk 1x.

14-12 Deze keer onze medekoploper; CAB uit Bolsward. Na een afwachtende houding strart een geconcentreerd spel zorgde Klaas met 3 doelpunten ervoor dat beide punten in Oosterend bleven, uitslag 3-1.

21-12 S.D.S. - Nijlan 5-3

Een na onwakker Nijlan werd vrij gemakkelijk verslagen door doelpunten van Klaas 3x, Ids en Henk 1x. Vandaag was Piet de Jong weer van de partij na een langdurige blessure.


10-1 Het nieuwe jaar zijn we goed begonnen, met een 5-10 overwinning in een werkelijk schitterende Tammingahal in Leeuwarden. Met tijden gaan ze daar niet al te best om maar we speelden hier met veel genoeg, na een ongenoegelijk "voorspel". Na een 1-0 achterstand maakte Pier met een ouderwetse "streep" in de bovenhoek gelijk. Dit deed hij later nog een keer. Gast-speler Douwe Schaafsma kanlde de keeper een blauw oog en Tamme deed wat wij van gastspelers gewend waren, namelijk veel scoren. Tamme 4x; Pier en Jelle elk 2x; Douwe en Siepie elk 1.

LEDERWARENFABRIEK ZEILMAKERIJ

Walperterwel 41, Postbus 3, 8730 AA Wommels, Telefoon 05159-1344



- Autokappen
- Traktorkleden
- Kappen voor aanhangwagens
- Dekkleden
- Boottenten
- Sprayhoods



Yn petear mei de oanfierder

"Ik mocht altyd graach fuotbalje, tusken de appel en parrabeam hien wy in net spand as goal. En altyd oan'e gong. Ik ha it gefoel dat der froeger mear fuotbals waard as no. Wy fuotbalden oeral, wy ha ek altyd bêste trainers hân; F. Ypma, Jan de Boer, Geart Hiemstra en it begûn mei master Strikwerda yn'e gymnastykseal, dêr't no Bedderie Bergstra is."

Oan it wurd is Wouter Hylkema, spiler en oanfierder fan S.D.S.1. FAN fan Cruyff. Prachtich, in wiere kunstner. Moai om nei te sjen, sa'n ien as Cruyff hat lef, hy is de bêste fuotballer aller tiden. Hy sjocht it gewoan.

***Wat ha foar dy oant no ta hichtepunten west yn'e fuotballerij?**

In hichtepunt wie doe't wy promovearren nei de 4e klasse A. Dêr spilest in hiel seizoen foar om kampioen te wurden. It wie in wedstriid tsjin Delfstrahuzen. SDS rekke daliks mei 1-0 foar mar troch in eigen goal waard it gelyk. Fan grutte ôfstân sylde de bal deryn. Sa'n rotgoal. Guon spilers leinen fan ellinde op de grûn, grutte teloarstelling. Mar dochs noch wûn mei 2-1. En myn moaiste goal ha ik makke tsjin Broekster Boys. Dy ploech stie doe op kop. Mar wy wûnen yn dy tiid acht wedstriden achter elkoar. De bal waard moai weromlutsen en dellein. Fanôf sa'n 25 meter gie hy der yn ien kear yn. Dy wedstriid spilen wy poerbêst, tochten wy, doe't wy it allegearre wer op video werom seagen, fûnen wy it mar in matige wedstriid.

***Hat der wolris belangstelling foar dy west fan in oare klup?**

Se ha my in kear benadere fan O.N.S. Mar dy stie doe op degradieren. Mar ik ha der ek alhiel gjin ferlet fan.

***Do komst op ús oer as in kalme en evenredige spiler. Bist dat ek altyd?**

No, nee, lêsten tsjin Makkum. Ik waard mei sin oanfallen, bewurke, in tik op'e kop. De skiedsrjochter stie der 3 meter fanôf mar hy die niks dat wie sa'n hobbyist. Hy kaam ek laitsjend it fjild op, fan dit sil ik wol efkes fluitsje. Doe wie ik al efkes knap lulk, 'k ha goed skolden. Mar ja, do moast der omtinke, as oanfierder kinst dy net alles permitearje.

***Do bist oanfierder. Hoe giet dat krekt om en ta?**

Nei de training prate, de trainer, lieder en oanfierder bepaalde punten troch. Elk seit syn miening. Do hast in stim dy't meiprater mei. Yn it fjild hast in bytsje de lieding fan'e ploech. Op- en oanmerkingen foar de skiedsrjochter geane oer dy. As oanfierder moast dy wolris ynhâlde, ast begjinst te skellen dan hat dat syn delslach op de ploech.

***Bist do spulbepaler?**

Ik tink it wol. Dêrfoar stean ik der ek, der hat noch noait ien west dy't dat fan my oernimme kinnen hat. Do draafst dy de rambam. In soad ballen opeaskje, it spul ferpleatse, nei bûtens of lange ballen nei foaren. It fereasket oersjoch, in drok plakje.

***Wat is in goeie skiedsrjochter**

In goeie skiedsrjochter moat boppe op it spul stean, respekt ôfdwinge, konsekwent fluitsje. Wat hy by de iene ploech bestraft, moat er ek by de oare bestraffe. It moat net ien wêze, dy't tinkt: dit sil ik wol efkes dwaan.

***Der ha noch al wat spilerswikselingen west yn SDS 1. Wiene jim ridlik gau wer in ienheid?**

Der hat SDS noait gjin moeite mei. Der sitte hiel wat ferskillende minsken by, mar elk kin goed meinoar opsjitte. Under it spul wurd der wolris wat foetere. Mar dat bist letter ek wer ferjitten. Wy kinne in soad fan elkoar ha. En sjoch ek mar nei de trainingsopkomst, dy is altyd grut. Dat stuit op "saamhorigheid", nee, noait mot. Dat fyn ik ek it moaie fan SDS, wy binne in makkelijke ploech.

***Jim draaie knap mei yn'e kompetysje!**

Ja, al ha wy in soad tsjinslach hân mei blessures, mar wy besykje ek altyd oanfallend te spyljen. Foaryn binne wy gefaarlik, wy ha in pear dy't skuorre kinne, der is ien dy't in bal fêst hâlde kin, dan moast ek oanfaljend spylje, oars komme dy lju net oan bod. As ús ploech kompleet is, dan kinne wy fier komme.

***Wat is de dreechste ploech yn'e kompetysje?**

Griffioen. In technyske ploech, spilet foar it earst yn dizze klasse, se draaie goed mei.

***De wedstriid D.W.P. - S.D.S. 1-1**

Yn de earste helte hiene wy de wedstriid yn'e bûse, mei 1-0 foar. Mar ja, sy counterje ien kear en 1-1. Yn'e twadde helte brochten se in soad ballen heech foar de goal, om der sa noch ien yn te krijen. Wat fuotballen oanbe- langet, wiene wy folle better. D.W.P. wie hurd en gemien, do wolst rêstich bliuwe, mar hie der in Wâldploech tsjinoer harren stien dan hie it wolris út de klauwen rinne kinnen. Wy ha ús der knap gedroegen. Do meist bliid wêze datst der hiel welkomste, se stieken gewoan de poat derfoar ast ien kear ferby wiest. Sa hie ik it ek noch noait meimakke, foar itselde jild ferliest sa'n wedstriid ek noch.

***Makkum - S.D.S. 3-2. De thúswedstriid hiene jim wûn**

Dy wedstriid koe wolris bepalend west ha foar it kampioenskip. It fjildspul wie foar S.D.S. Fan Makkum hiene wy net ferlize moatten. Sy spilen opien nei ûnderst, dan meist de punten net lizze litte. Wy hiene trochdrukke moatten. Mar ja, op de iene as oare frjemde manier ha wy dy wedstriid ferlern.

***Fynsto de Wâlde in sportive ploech?**

Troch inoar wol. Dy wolle teminsten fuotbalje, gjin ôfbrekkers. Dat is in goede opstelling om it fjild yn te gean. Mar mei moai fuotbal winne jo net altyd. Do moast ek wolris hurd spylje. Dan wurdst fûler, in oar lûkt him dêr faak wer oan op.

***Lêste fraach. Hokker ploech hast leaver. Seerobben as Hubert Sneek?**

Seerobben. Der sit minder routine yn. It is in technyske ploech. Dan kinne wy aardich út'e fuotten en komt ús fuotbal der ek aardich út.

Hubert Sneek hat noch al wat âldere spilers, dy witte hoe't hja winne moatte. En as dat net slagje wol dan besykje se it op in oare manier. En dat is net in sportive.

R E S E R V E S H I R T S N A G E B R U I K I N L E V E R E N B I J :

H I N K E K U I P E R , S K O A L L E S T R J I T T E 9 , O O S T E R E N D ! ! ! ! ! ! ! ! ! !

Hoe het verder ging met S.D.S. 3.

Was '88 een topjaar met het kampioenschap van het vierde nu derde, ook '89 ziet er hoopvol uit. De stand, verderop in deze Treffer, bewijst dat. Als enige seniorenploeg van S.D.S. nog steeds ongeslagen, d.w.z. 9 wedstrijden 17 punten. Hierbij wil ik even melden dat dit mede verdienste is door topleider Hans Kooistra, die wat mij betreft past in het rijtje Michels, Happel en Beenhakker. Hieronder de laatste resultaten van '88.

Bolswardia- S.D.S. 3 . . 1 - 3

Onder het toezien van Klaas de Haan en pa Kusters opende het "derde" furieus tegen het fysiek sterke Bolswardia. Toch zegevierde het sambavoetbal van S.D.S. 3. Daan Boersma scoorde weer op zijn eigen typerende wijze. Heel leep onderschepte hij een terugspeelbal en schoot het leer droog in de uiterste hoek. Een typische Virdis goal.

Het antwoord van de Bolswarders kwam een kwartier later. Uit een afgeslagen hoekschop kwam een knal waar zelfs Klaas Kamstra kansloos bij was. Gelukkig beschikken wij over enkele spelers met grote individuele kwaliteiten. Want nog geen 2 minuten later begon Peter Kusters, van eigen helft, met een solo waarbij hij ook de keeper passeerde; 1-2.

Na de rust, met één wissel (Keuning voor Bakker, beiden Jan), probeerde Bolswardia met alle macht op gelijke hoogte te komen. Maar met een verdediging met organisator Douwe Schaafsma en met vaste degelijke krachten als de gebroeders Kooistra is dat zo goed als onmogelijk. Sterker nog: inde laatste minuten liet Peter Kusters nog eens zien wat voor een klasse spits hij is. Belaagd door 4 verdedigers wist hij alsnog te scoren; 1 - 3.

S.D.S. 3 - O.N.S. 1 - 1

Met "uit" wedstrijden hebben wij geen problemen maar "thuis" wil het nog niet zo vlotten..Dat bleek weer eens in de wedstrijd tegen O.N.S. toch al niet een makkelijke ploeg. Vooral voor de rust was het een rommelige vertoning. Een beetje flipperkast voetbal voornamelijk afspelend op het middenveld.

Ook in de 2 de helft was het spel niet best maar vergoedde de spanning veel. Een hardnekkig verdedigend O.N.S. en een wanhopig aanvallend S.D.S.

(vervolg S.D.S 3 - O.N.S)

Dan met nog 2 minuten te gaan een counter van de Sneekers, eigenlijk hun eerste kansje....doelpunt 0 - 1. Aftrap S.D.S. alles maar dan ook alles naar voren...een lange haal...scrimmage voor het doel...invaller Aant Pander(Pa Pander die jongen moet meer voetballen)met buitenkant rechts...1 - 1. Einde signaal. Door dit gelijke spel werden we niet alleen één punt rijker maar ook een wedstrijdbal aangeboden door Mister S.D.S. Himself Durk ten Dam. Hardstikke bedankt Dam!

Delfstrahuizen - S.D.S. 3 0 - 5

Onze beste wedstrijd van dit seizoen. Dat komt niet alleen door de uitslag maar ook door het vertoonde veldspel. Al in de eerste minuut scoorde de steeds beter spelende Jan Keuning uit een voorzet van Willem Tjalsma. Even later was het alweer raak: Keuning trok de bal voor en Peter Kusters scoorde via de lat en de keeper. Delfstahuizen stond er verbouwereerd naar te kijken : de ene combinatie nog mooier dan de andere door het oppermachtige "derde". 3 - 0 werd het uiteen penalty nadat een verdediger van de tegenparty niets beter wist dan de bal met de vuist uit het doel te slaan na een inzet van Chris Houtsma. De mooiste goal voor de rust kwam op naam van Hans Kooista. Hij nam de voorzet van Daan Boersma in één keer op de pantoffel : 4 - 0.

Na de thee met Andela Lettinga voor Hans Kooistra en Tjeerd Dijkstra voor Freddie Scheltema was de snit er een beetje uit. Toch viel de mooiste goal in de tweede helft. Marten de Groot lobde de bal vanaf 16 meter over de keeper. Eentje om in te lijsten! Uitslag derhalve 0 - 5. Nog even de uitblinkers in deze pot : Marten de Groot (wat een energie en inzet) en Jan Bakker (opbouwend en verdedigend zeer sterk). Speciale vermelding voor Chris Houtsma die weer leuke technische hoogstandjes liet zien en Klaas Kamsta die nu eens " de nul hield ".

Overzwaluwen - S.D.S. 3 0 - 1

Willem Tjalsma en ikzelf waren er niet maar dat zal wel niet de oorzaak zijn dat deze wedstrijd , volgens rapporteur Kooista, zeer slecht was. Mijn informant meldde vervolgens dat de keepers in deze pot de uitblinkers waren. Gelukkig scoorde mijn vervanger Auke Hiemsta. Met het hoofd nog wél. Ook zijn broertje Floris scoorde...een dikke voldoende als vervanger voor Willem. Verder wist Hans mij te vertellen dat zo'n beetje iedereen een "offday" had daar in Koudum.

(vervolg S.D.S. 3)

Dus sportvrienden het is duidelijk. S.D.S. 3 is koploper met in de tweede helft van de competitie bijna alleen maar thuiswedstijden. En dat nog steeds zonder de revaliderende Klaas Overal. Ook de sfeer is natuurlijk optimaal bij deze ambitieuze ploeg. Dat is na de wedstrijd tijdens de "cooling down" in het café duidelijk zicht en hoorbaar. Allen hopen we wel dat er nu eens een einde komt aan de blessure golf van S.D.S. 2 zodat wij niet steeds spelershoeven af te staan'!

Nog een paar bedankjes : Baukje Overal voor het wassen van de shirtjes ook in '89, Dam voor de wedstrijdbal, Teake Postuma shirtsponsor, alle scheidsrechters en natuurlijk Hans Kooistra.

vriendelijke sportgroeten
